't Skieppesturtsje

Doarpskrante fan Tsjerkwert e.o.

33e jiergong - nûmer 3, oktober 2010

Redaksje-adres:
Mireille Galema
Dyksicht 2
8765 LX Tsjerkwert
☎ 0515-579338

e-mail : mjryedema@hetnet.nl

Redaksje:

Gerben Wijnja	Sylroede 4	0515-579348
Anneke Feenstra	Bolswarderweg 1a	0515-577117
Riemkje Lemstra	Sylroede 5	0515-579706
Fokko Rollema	Singel 8a	0515-579051

Inhoudsopgave

Inhoudsopgave 1
Van de redactie 2
Namens de redactie veel leesplezier! 2
Vrijwillige bijdragen 2
Nieuws van stichting It Waltahûs 3
Weromsjen op Kunstrijk Tjerkwert 4
De jonges fan Van Zuiden sloegen foar master op 8
KF DE TWA DOARPEN 10
Burendagactie Sylroede/ Dyksicht “Pimp ons parkje” geslaagd 13
Oproepen 14
Nijs fan Muzyk feriening Eensgezindheid 15
Dorpsbelang Tjerkwerd 15
Stichting Windkracht 10 Wynpark Beabuorren BV 16
Fotoimpressie opening Cbs De Reinbôge 17
Fotoimpressie Dorpsfeest “Robin Hood” 2010 18
Fotoimpressie Kunstrijk Tjerkwerd 19
Fotoimpressie Burendag Sylroede/Dyksicht 20
OER DE HEGERE KEUNST EN BODZJEN OP SWIERE GRÛN 21
Koken met Riemkje 27
SUDWESTERGO, daar kun je niet omheen ! 28
Bericht van de 60 + soos 30
Collectes 30
Even voorstellen 31
“Hoe ik Tjerkwerd verliet” 34
SNYPSNAREN 35

Van de redactie

Waar een klein dorp GROOT in kan zijn!! Er is de afgelopen maanden veel gebeurd in ons dorp, bijna wekelijks werden de kranten gehaald en er werd zelfs een uitzending van “HEA” gewijd aan Kunstrijk Tjerkwerd.
Wat een talenten!! Eerst Cbs de Reinbôge die na een flinke verbouwing op 2 september een officiële opening had. Tjerkwerd heeft nu zijn eigen ”brede school”. Basisschool, peuterspeelzaal, kinderopvang en de “Lytse bieb” allemaal onder één dak. Ook heeft de school het gepresteerd om van de lijst van zwakke scholen te komen. De school staat volgens de inspecteurs op “overtuigend groen!”
Op 3 en 4 september vond het dorpsfeest plaats, ook daar kwamen weer vele talenten naar voren van kaatstalent tot raptalent. Het was weer genieten. Vervolgens is menigeen verbaasd geweest over de kunsttalenten die we in Tjerkwerd rijk zijn. Kunst in de breedste zin van het woord. In één woord geweldig!!
Tot slot haalde de buurtvereniging Sylroede/Dyksicht ook nog de krant met hun burendag “Pimp ons Parkje”. U heeft het misschien al gezien het parkje heeft een grote opknapbeurt gehad.
Alle talenten vindt u terug in een kleurige fotoimpressie op het middenblad van deze Skieppesturt.

Namens de redactie veel leesplezier!

Vrijwillige bijdragen

Vrijwillige bijdragen zijn ontvangen van;

D. Bakker-de Jong Arkum, J. Velema-Hemrica Beilen, K. Talsma-Abma Sneek,
T. Stremler-Stegenga, H.H. Heeres, O.J. Postma e.o, S.B. Bouma.

Namens de redactie, heel hartelijk dank voor uw bijdrage!

##

Bijdragen kunnen overgemaakt worden met vermelding
‘Bijdrage ’t Skieppesturtsje”en het jaar waar het betrekking op heeft.
Bankrelatie; Fortisbank Bolsward Rekeningnummer; 84.76.68.398

Nieuws van stichting It Waltahûs

De vorige keer had ik het over de verbouwing van het Waltahûs, deze was eind mei gelukkig helemaal klaar en op 12 juni hebben we met een hele groep vrijwilligers een grote schoonmaak gehouden. Echt alles is geboend, gestoft en gewassen. Omdat we met zovelen waren ging het snel en was alles in een ochtend klaar, nogmaals bedankt voor alle hulp!
Buiten zijn we toen ook bezig geweest en zijn 'Niet parkeren' tegels voor de ingang aangebracht, helaas wordt de laatste tijd weer vaak geparkeerd voor de deur dus bij deze de vraag om geen auto's voor de deur en voor de erker te parkeren!

Met het voetbal was het Waltahûs ook geopend en heeft een paar leuke en gezellige middagen en avonden opgeleverd.
Direct na de vakantie begon voor ons alweer de drukte nml het voorbereiden van het dorpsfeest. Even leek het erop dat het weer flink roet in het eten zou gooien maar gelukkig hebben we het uiteindelijk erg getroffen en een geslaagd feest gehad.

Nu de zomer dan echt ten einde is kunnen we ons weer richten op het nieuwe seizoen…

In dit nieuwe seizoen natuurlijk weer de terugkerende activiteiten zoals de play back show, de vrijwilligersavond en het Nieuwjaarsbal.
Over enkel weken begint de herfst vakantie en we gaan op vrijdag 29 oktober om 14.30 een Walt Disney kinderfilm tonen, 's avonds zal om 20.30 ook een film worden vertoond. Dit kunt U dus alvast noteren.

In november willen we een heuse talentenjacht gaan organiseren! De culturele tentoonstelling in de kerk heeft getoond hoe Kunstrijk ons dorp is. Wij zijn van mening dat ons dorp nog veel meer talenten heeft! Het Waltahûs zal op 20 november je de mogelijkheid geven om je talent te laten zien en we hebben deze avond omgetoverd tot **Tjerkwerd's got talent**.
Op deze open podium avond kan en mag iedereen optreden. We vermelden nadrukkelijk dat het geen playback avond is maar wanneer je kunt zingen, of muziek kunt spelen, of in een bandje speelt, of kunt dansen, of een ander bijzonder talent hebt dan kun je je opgeven.
Binnenkort zullen we met meer informatie en een opgave papier komen.
Andere zaken en data die je alvast kunt noteren:

- 10 december -> kerststukjes maken
- 8 januari -> Nieuwjaarsbal
- 29 januari -> playbackshow
- 26 februari -> carnaval

- 19 maart -> vrijwilligersavond

Meer informatie hierover en over de andere activiteiten kunt u tzt op de M.A.T lezen.

In ieder geval veel plezier en gezellige avonden toegewenst namens het bestuur..!!!

OPROEP:
Het Waltahûs zoekt nog speelgoed.
Nu de peuterspeelzaal weg is uit het Waltahûs hebben we geen speelgoed meer wat soms bij feestjes en bij de nevendienst gebruikt werd. Dus hebt u nog speelgoed wat niet meer gebruikt wordt en nog in goede staat is dan houden wij ons aanbevolen.
Alvast bedankt namens het bestuur.

Weromsjen op Kunstrijk Tjerkwert

Sneon 18 septimber koe de organisaasje fan Kunstrijk Tjerkwert mei grutte tefredenheit weromsjen op it ambisjeuze keunstbarren dat twa wiken lang it doarp yn 'e besnijing hie.

De iepening

It begûn al fier foar de iepening. Wat in waarme, entûsjaste meiwurking ûnderfûnen de mannen fan de organisaasje. Finansjele stipe, stipe mei materialen en wurkkrêft wiene de ûnmisbere yngrediënten foar de opstap nei wat moais. Hylke Speerstra omskreau it yn syn iepeningswurd sfearfol doe't er de ynwenners-keunstners fan eartiids bylâns gie: "Miskien hie ik álle Tsjerkwerters troch de tiden hinne wol neame moatten. Om se ta libbenskeunsters út te roppen. Keunsters yn opgeande en delgeande tiden fol soarch en striid om it bestean. Harren keunst leit yn doarp en folk besletten. Der tsjûget alles fan wat yn 2010 oan bjusterbaarliks yn de tsjerke leit, stiet en hinget."
De deis foar de iepening waard der yn de St. Petrustsjerke folop seage, timmere en ynrjochte. De frijwillige timmermannen Bernhard Algra en Richard Schakel diene wakker mei wylst ûndertusken de lûden fan *Musyk yn bedriuw* út in radiootsje skalden. De musikale

kar fan de Tsjerkwerter keunstners waard troch Omrop Fryslân útstjoerd en koster Michiel de Jong wie poerbêst op gleed mei syn praatsje dat nijsgjirrich makke nei safolle ferskillende keunstfoarmen en beoefeners dy't it doarp by inoar brocht hie. It wie ek dat meininoar ien gefoel dat de triuw joech nei in slagge barren. Fansels, it seach der allegear fersoarge út (dêr hiene wy ús spesjalisten en keunstners foar!), mar it moast ek droegen wurde. Dat der úteinlik hast 1200 minsken op ôf komme soene, hiene wy net tinke en dreame kinnen. Oan it lêste heal oere ta wie it drok, ek mei leafhawwers dy't it op it alderlêste momint noch fernaam hiene sa as bygelyks de âld Tsjerkwerters Harke Banga en Binkje út Boalsert. Prachtich fûnen se it, mar wy wiene ek fereare mei harren besite! Folk dat dus rûnom weikaam, oan Canada, Australië en Finlân ta. It wie soms suver sa'n famyljereüny: Huitema's, Gietema's, Postma's, Speerstra's, Draaijers en gean sa mar troch. Wy geane noch eefkes werom nei dy moaie dagen en helje wat oantinkens op.

Samar in foarfal

Sneontemiddei 11 septimber ha Jos Falkena, Sipko van der Vries en Hinke Twijnstra tsjinst. Der komt in wat noartsk mantsje de tsjerke yn. Stok yn 'e hân, tas oan 'e oare earm. Oft wy de tas ek eefkes oannimme sille, dan kin menear syn gong mar gean. Gjin sprake fan, dy kin er sels wol fêst hâlde.
As in stoaterske hoanne skarrelet er de tsjerke yn en prottelet nochal. "Ik ben op kerkenpad. Kom speciaal uit Noord-Holland hier heen. Jarenlang kwam ik hier op kerkenpad voor de dichte deur. We dachten, we proberen het nog een keer. En nu kunnen we er in. Maar wat is dat jammer: je ziet niks van het interieur. Alle banken zijn weg! " Hoe goed ik myn bêst ek doch om út te lizzen hoe't ús frijwillige timmermannen wakker harren bêst dien ha om de tsjerklike skatten as preekstoel, hearebank, oargel en grêfmonumint frij te hâlden, it mantsje is net te sprekken.
Eefkes letter komt syn frou der ek yn. Hinke flapt it der sa út: "Uw man is wat brotsk."
"O ja, maar dat is hij altijd. Dat trekt wel bij." Har laits skatteret troch de keunsttimpel en dan skarrelet se de tsjerke yn en rekket ûnder de yndruk fan de mappen fan de Mulders. It brotske mantsje hat de keunst al gau besjoen, hat syn rûntsje dien en siket syn frou op yn 'e tinte. As dy dêr net is, komt er werom.

By ien fan de grêfstiennen bliuwt er stean, stampt mei syn stok op in wapenskyld. "Wat jammer dat al die schilden eruit moesten hè. Van Napoleon."Op 'e nij tikket syn gongelstok mei faasje op de grêfstien. "Wat een hufter hè". Hinke knikt. Se begrypt it wol. En dan stifelet it mantsje op 'e nij by de keunstwurken del, syn frou achternei. En dan giet it nochris by de banken del. En lang om let ha se dochs goed in oere harren fermakke. Yn it gastenboek kaam in wolmienend stikje: "Al onze complimenten voor de medewerkers die dit hebben mogelijk gemaakt." Se hiene "vele malen aan de deur geweest" mar doe wie it Raak. Wy ha harren trochstjoerd nei de tsjerken fan Dedzjum en Parregea. Dêr soene se de banken wol bewûnderje kinne.

Tsjerkwert hat syn eigen Bartele Bûse en dat is der mear as ien

Jierren lyn wie de Fryske skriuwster Berber van der Geest hjir op de basisskoalle te gast om te sprekken oer berneboeken. Har nijste boek Bartele Bûse wie doe krekt út en dat wie in boppeslach. Berber wie hjir opnij, no mei skriuwster Anny de Jong. En ik fûn in oerienkomst: har Bartele Bûse(yn 1989 beleanne mei de Simke Kloostermanpriis) is suver it symboal fan wat hjir te sjen wie: de ûnferwachte, soms ferburgen skatten dy't dan dochs noch in weardich poadium fûn ha, in mienskiplik toanplak fanút de achterkeammerkes, krûpyntsjes, hokjes, skuorren en gewoane húskeamers.
Sneon de 18e septimber koe de 1000ste besiker ferwolkomme wurde en yn it sintsje set wurde troch koster Michiel de Jong. It wie Jantsje Flapper fan Blauhús. Ek dat woene wy goed dwaan sadat wy aanst ek mei gepaste grutskens hjiroer berjochtsje kinne.
Mei Keunstryk Tsjerkwert ha wy sjen litte kinnen dat ús doarp har ek op in oar mêd fertsjinstlik wit te meitsjen. Boppedat krige ûnbekind talint de kâns om him / har te manifestearjen en dat soarge foar prachtige reaksjes dy't heard waarden en yn it gastenboek optekene binne. In priuwke dat wy jo net ûnthâlde wolle:
"De ferbjustering spat der ôf"
"Wat in keunstige minsken wenje hjir. Om jaloersk op te wurden."
"Yn sa'n doarp wol men wenje. It is in feest om diel útmeitsje te kinnen fan sa'n mienskip!
"Wat leuk om wer ris yn it doarp te wezen", skriuwt Franziska Ferwerda, beppesizzer fan Tsjamme en Sietske Draaijer.

En Gauke Bootsma fan it Schaatsmuseum Hylpen skriuwt: “Wat een vreugde voor al deze mensen op jullie tentoonstelling om dit te kunnen delen, het werkstukken te laten bewonderen.”
At Haye en Tea Huitema witte litte dat se it “Nea ferwachte hiene”, dan ferwurdzje se wat de kommisje oan it begjin fan it trajekt ek tocht. Mar geandewei it proses krigen wy yn ‘e rekken dat Tsjerkwert neist Kûbaard ek Keunstnersdoarp neamd wurde mei.
Ald skoalmaster Jan Dykstra (no yn Drachten) neamde it “in wûnder dat der yn sa’n lytse mienskip sa’n kreativiteit sit”, mar syn opfolger Ane Dam dy’t tegearre mei syn Thea del kaam, wist dat wol.
Yde Schakel fan Eksmoarre neamde it in goed inisjatyf om soks te organisearjen en Willem Muizelaar karakterisearde it as “hart voor de zaak hebben; Kunst met een grote K”. Lies Miedema sputs fan “een magnetische werking” en dat die op ‘e nij bliken op de freedtejûn doe’t wy in ekstra iepening fersoargen: in protte minsken wiene wol benijd hoe’t de útstalling it by sfearfol lampeljocht die. Guon wiene der stil fan. Se hiene al earder west, mar dy jûns wie it sa moai.
“Top Tsjerkwert”, alliterearret Sjoukje Draaijer en fettet dêrmei gear wat Yt Galama út Boalsert der fan fynt: “Een dorp met verborgen talenten.”
Thomas Groeneveld, lid foar de PvdA yn de Gemeenterie Wûnseradiel, kaam ek te sjen en wie goed te sprekken: “Waar een klein dorp groot in kan zijn. Hartstikke mooi resultaat bereikt door veel individuele en verenigde inzet!”
Dêrmei is ek tagelyk it kollektyf ferwurde dat wy yn de ôfrûne tiid smeid ha. It wie dy driuw fan ús meiinoar dy’t sa weardefol is yn in lytse mienskip as it doarp Tsjerkwert. It jout motifaasje en yn spiraasje, it set passy om yn in missy dy’t troch Edna Zwerver út Skettens sa moai omskreaun wurdt yn ús gastenboek “Dat het vele andere kerkelijke gemeenten mag inspireren”.
Der is oer grinzen hinne sjoen. De kommisje hat de sprong weage, ljepte, krige rûnom stipe wei en it is slagge. Der is grif noch mear te ferwachtsjen fan oanstoarmjend talint.
Keunstryk Tsjerkwert is ôfrûn. Wy kinne ôfslute op in hichtepunt en wolle elkenien tanksizze foar wat foar ynspanning dan ek. As takom wike de tsjerkebanken wer tefoarskyn komme, is der neat mear wat tinken docht oan dizze manifestaasje. Mar yn ús mienskiplik ûnthâld bliuwt dit bewarre as in toanbyld fan mienskipsin. Sizze kinne: grutske op Tsjerwert wêze is in keunst dy’t ús doarp ferstiet.

Gerben D. Wijnja

De jonges fan Van Zuiden sloegen foar master op

Thomas en Peter skriuwe keatshistoarje foar Tsjerkwert

Nea hawwe Tsjerkwerter keatsers it safier skopt as de betûfte jonges fan Van Zuiden dy't dit jier op de Frentsjerter PC, sûnt 1854 it Keatsmekka fan de wrâld, en de Freule yn Wommels, dit jier al wer foar de 108ste kear, yn positive sin opfoelen. Thomas mei syn tredde plak, en der hie mei wat gelok folle mear yn sitten, en Peter dy't op it Wimbledon foar jongeskeatsers sawier mei de priis nei hûs gong.(foto hjirboppe)

Woansdei 4 augustus seach it der earst net nei út dat der keatst wurde soe op it Sjûkelân. Wat in wetter wie der fallen. Nei ôfrin wurdt dy twifelriedigens befêstige. It hillige fjild yn Frentsjer is in bargepoel wurden: in trochweakke, omploeide drekboel is it risseltaat fan in ferreinde PC dy't wol trochgie, dêr't keatsers mei karakter ta it uterste gongen, risiko's net mijden en foar in heechspanning soargen op de tribunes en it fjild. Mannichien hie gjin droege tried mear om it liif, mar de kriich om de heechste ear wie in thriller yn't kwadraat. Yn de heale finale wie Thomas van Zuiden telâne kommen. Wa hie dat ferwachte, wat in primeur. Hy waard suver sa'n bytsje de smaakmakker fan't fjild, de nijkommer, de outsider, dêr't men gjin rekken mei hold mar dy't foar master opsloech. Dy't yn de heale finale in tsjinstanner fan oansjen krige. Op karakter waarden achterstannen tsjin it drege partoer fan Van Althuis cs.

fuortwurke en yn in alles of neat opslach wie it gelok in kwestje fan millimeters. Mar dan wol, spitich genôch, yn syn neidiel. Peter van Althuis, de publyk bespyljende opslagger út Peins, hie it oer “overleven”. Dat die er yndied, mar wat hie er oan in tin triedsje hongen troch de striidberens fan Thomas c.s. dy’t fjochten as liuwen. Foar Thomas bleau op it lêst de earfolle tredde priis, in ûnderskieding dy’t nei mear smakket. Hjirûnder de ûnderskieding mei Thomas yn ‘e midden.

No, dat smeitsjen, dêr soarge syn jongere broer Peter in wike letter foar op de Freulepartij yn Wommels. It bestjoer fan KF Wommels neamde dy woansdeis de 11e augustus in “bjusterbaarlik moaie dei”. It wie in dei dy’t in sa folle fleuriger oansjen hie as de topper fan de wike dêrfoar: it fjild lei der skitterend by en de sfear wie poerbêst. En….. it risseltaat foar Tsjerkwert wie ek safolle better. Ast op de tredde list Wommels ferslachst, dan bist gewoan de bêste. Dat die it partoer út Boalsert, dêr’t Peter by sit, en it wûn ek de rest. Dus gie de figurant fan ferline jier no sa grutsk as in hoanne mei de priis nei hûs. Thomas en Peter , tige lokwinske. Wy sjogge út nei mear súkses

Tekst: Gerben D. Wijnja
Foto’s: Henk Bootsma, Wommels www.henkbootsmafotografie.nl

KF DE TWA DOARPEN

Seizoen 2010

KF de twa doarpen heeft weer een actief, sportief en gezellig seizoen achter de rug.
Er was competitiekaatsen, kaatstrainen voor de jeugd, kaatstrainen voor dames en een vijftal kaatspartijen.

De eerste kaatspartij van dit seizoen was het Pearkekeatsen. Meer hierover heeft u al kunnen lezen in de vorige skiepesturt.

4 juni was de volgende partij. Op vrijdagmiddag om vier uur werden alle leden onder de 16 verwacht op het kaatsveld van 'KF De Searre Hân' in Wolsum. De jeugdleden van beide verenigingen waren door elkaar geloot en kaatsten in drie leeftijdscategoriën.
In de jongste categorie, de welpen, waren 9 partuur. Voor een aantal was dit de eerste echte kaatspartij en dat maakte het allemaal extra spannend.
De kransen gingen naar Johannes Zijlstra en Jelte Altenburg. Thomas Burghgraef en Janna Kroon werden tweede.
In de verliezerronde ging de winst naar Welmer de Boer en Mandy Koenz. Zij wonnen de finale met 5-5 6-2 van Annemar Rypma en Fardau de Jong.
Bij de pupillen stonden 7 partuur op papier. Yvonne Galama en Arjen Dooper stonden in de finale tegenover Menno Galama en Johan Overwijk. Een erg spannende strijd tussen broer en zus Galama waarbij de winst met 5-2 6-4 naar Yvonne en Arjen ging.
In de verliezersfinale was Tjerkwerd slechts met één kaatster vertegenwoordigd en helaas kon die de winst niet pakken. Tsjeard Weersma en Elbrich de Jong werden eerste. De tweede plaats was voor Afke Rypma en Ilse Galema.
In de categorie skoaljonges/skoalfamkes waren 4 partuur, zij kaatsten in één poule. Sven Bijlsma, Ciska Bruinsma en Mente de Boer verloren geen enkele partij en werden eerste.
Jimte Bootsma, Klaas Jan Haytema en Baukje van der Zee werden tweede.

Een week later, op zondag 13 juni was het de beurt aan de 16+ ers om naar Wolsum af te reizen. 13 partuur telde de lijst deze keer. Auke Attema, Pietsje Haarsma en Froukje Walsma gingen deze dag met de kransen naar huis. In de finale versloegen ze Gooitzen Brandsma, Peter Bolink en Jinke Rijpma.

Net als bij het Pearkekeatsen wist Peter Terpstra ook deze keer de winst in de verliezersronde te pakken. Hij deed dit samen met Wiebren de Jong en Atty Gietema.
Tweede in de verliezers werden Wiebe Brandsma, Sjoerd Wijngaarden en Rients Wiersma.

27 juni werd er weer in Tjerkwerd gekaatst. Deze keer niet alleen door de leden van KF 'de twa doarpen', want iedereen uit Tjerkwerd en Dedgum was uitgenodigd om mee te doen met deze zachteballen partij. 20 partuur streden om de prijzen die beschikbaar waren gesteld door Dierenartsen praktijd Bolsward.
De kransen gingen deze warme zondag naar Ype Bote Bonnema, Anita Attema en Harmen Burghgraef.
Tweede werden Sjoerd Bouma, Thomas Huitema en Sigrid de Boer. De derde prijs ging naar Alex Draisma, Anne Gietema en Klaas Jan Haytema.
Eerste in de verliezersronde was alweer Peter Terpstra, nu met Hotske Burghgraef en Riemkje Lemstra. In de finale versloegen zij Jan Postma, Sven Bijlsma en Yvonne Galama. Derde werden Riemer Haytema, Froukje Walsma en Michiel de Jong.

Er stond dit jaar ook een normale ledenpartij op het programma. Deze werd verkaatst op 17 juli en werd gesponsord door Hylke Feenstra. Er was een partij voor de jeugd en één voor de senioren.
Bij de jeugd hadden zich helaas slechts 8 leden opgegeven. Met 4 partuur kaatsten ze in één poule. Overtuigende winaars werden Klaas Jan Haytema en Sjoukje de Jong. De strijd om de tweede plaats was een stuk spannender. Alle drie de parturen hadden evenveel partijen gewonnen. Robin en Sigrid haalden in totaal de meeste eersten en werden daarmee tweede.

Bij de senioren hadden zich genoeg leden opgegeven om 10 partuur te vormen. Deze keer werd Peter Terpstra niet in de eerste omloop verslagen en hij zag samen met Sven Bijlsma en Marc de Boer zijn kans schoon om nu eens voor de kransen te gaan. Daarvoor moesten zij in de finale Ype Bote Bonnema, Freerkje Walsma en Hotske Burghgraef verslaan. Dit lukte!

De derde plaats was voor Sjoerd Bouma, Paulus Witteveen en Joke de Jong.
In de verliezersronde ging de finale tussen Jan Hessel de Groot, Eduard Witteveen en Rowanne Terpstra en Gooitzen Brandsma, Riemer Haytema en Reiny Haytema. Helaas kon Rowanne door een blessure de finale niet kaatsen. Agatha Witteveen werd op haar plaatsje bijgeloot. Het werd een spannende finale die eindigde in 5-5 6-4 in het voordeel van het partuur van Jan Hessel.

De laatste partij van dit seizoen was meteen ook de partij met de meeste parturen op de lijst. Maarliefst 23 families hadden zich opgegeven voor het familiekaatsen. Voor sommige parturen was meedoen belangrijker dan winnen. Bij sommige partijen ging het er fanatiek aan toe en bleef het spannend tot de laatste slag.
Er werd gestreden om prachtige zuivelpakketten die waren samengesteld en gesponsord door de boeren van Jousterp, rytserterp en baburen.
De winst ging deze dag naar Bart, Yme en Age Gietema. In de finale waren zij te sterk voor de drie Ype Bonnema's.
De derde plaats was voor Yvonne Galama, Anno Galama en Martin Jorna.
In de verliezersronde stond Peter Terpstra wéér eens in de finale. Samen met dochter Rowanne en broer Meinte wist hij Harmen, Hotske en Thomas Burghgraef te verslaan.
De derde prijs was voor Sjoerd Bouma, Tjitse Bouma en Eline Hansma.

Naast de partijen was er natuurlijk ook elke donderdag competitiekaatsen voor de senioren. Wekelijks werden deze competitieavonden door gemiddeld zo'n 30 leden bezocht.

Bij de heren was Auke Walsma de overduidelijke winnaar van de competitie. Bij de dames bleef het spannend tot de laatste partij. Rowanne kaatste tegen Jacobien en het werd 5-5 6-6 in het voordeel van Rowanne. Hiermee versloeg zij Jacobien met 1 punt in de competitie. De verdere uitslag van de competitie was vinden jullie aan het einde van dit verslag.

Voor de dames was er op de dinsdagavonden de mogelijkheid om te trainen. In eerste instantie was er geen vaste trainer voor deze groep, maar gelukkig waren Wiebren de Jong en Auke Walsma bereid om deze taak op zich te nemen. De dames waren allemaal weer erg enthousiast!

Ook de basisschooljeugd trainde op dinsdagavond. Groep 3 en 4 deden dit onder leiding van Erna Harkema, Reiny Haytema en Atty Gietema. Groep 5 t/m 8 kreeg trainen van Ype Bote Bonnema, die hierbij werd bijgestaan door diverse seniore-leden. Voor de oudste jeugd was er na het trainen ook nog competitiekaatsen. Klaas Jan werd de winnaar van de competitie en dat kwam eigenlijk voor niemand als een verassing. Vanaf de nummer twee was het een stuk spannender en dat leverde ook een aantal verassende winnaars op!

Het seizoen werd dit jaar bijzonder afgesloten. Thomas en Peter van Zuiden kwamen langs, samen met hun parturen en hun trainers. Na wat bâltsje drieuwe mochten de kinderen ballen opslaan die de jongens dan probeerden uit te slaan. Vervolgens werden de rollen omgedraaid.
Ook hebben de beide parturen nog een demonstratiepartijtje tegen elkaar gekaatst. Voor de kinderen was er daarna nog patat. Al met al een geslaagde afsluiting van een geslaagd seizoen!

Hierbij willen wij van het bestuur nogmaals alle vrijwilligers bedanken. Het is geweldig dat er zoveel mensen bereid zijn om elke week (een deel van) hun dinsdagavond op het kaatsveld door te brengen, om trainen te geven of te helpen bij de jeugdcompetitie. Heel fijn dat er zoveel leden zijn die zich in willen zetten voor de club. Zonder jullie kunnen wij de vereniging niet draaiende houden. Bedankt!

Ivm ruimte gebrek in deze Skieppesturt zal de uitslag van de competitie in de volgende editie komen te staan.

Burendagactie Sylroede/ Dyksicht “Pimp ons parkje” geslaagd

Op zaterdag 25 september j.l. verzamelden om 14.00 zo’n 70 bewoners van de Sylroede en Dyksicht in Tjerkwerd om mee te doen aan de jaarlijkse burendag. We begonnen met een bakje koffie met zelfgebakken cake en voor de kinderen was er limonade. De opzet was om het parkje, dat aan beide straten grenst, eens flink onder handen te nemen. Onder het mom van “vele handen maken licht werk” ging men enthousiast van start. Zowel jong als oud hielpen mee met onkruid verwijderen, snoeien , het planten van bollen en nog veel meer. Daarnaast werd er een plateau van stoeptegels gemaakt waar een picknicktafel op geplaatst werd. Voor de kinderen was er een springkussen. Het geheel werd afgesloten met een gezamenlijke barbecue. Al met al was het een gezellig samenzijn dat mede mogelijk werd gemaakt door Douwe Egberts en een bijdrage van € 480,- van het Oranjefonds.

Oproepen

OPROEP 1



Feike Mulder wil graag wat medewerkers voor de website www.tsjerkwert.nl . Het gaat om mensen die berichten en/of foto's willen opsturen over gebeurtenissen die in het dorp plaatsvinden.
Van alle verenigingen uit het dorp is er maar één (de kaatsver-eniging) die van de site gebruik maakt. Dat kan dus best beter. Hij wil de site graag voortzetten, maar dan moet er uit het dorp meer (re)aktie komen. De geschiedenis van het dorp wil hij zelf blijven doen. Maar hij is er duidelijk over dat dat niet per se via een website hoeft. Kortom, aarzel niet en geef de nieuwtjes aan Feike door, liefst met een foto. Dat kan het beste via e-mail naar info@tsjerkwert.nl.

OPROEP 2

VOOR HET WELZIJN VAN DE BEWONERS VAN TEATSKEHÛS

zijn wij op zoek naar

ENTHOUSIASTE VRIJWILLIGERS

die bereid zijn om samen te werken met andere vrijwilligers en medewerkers van het zorgcentrum Teatskehûs.
Het gaat hierbij om onderstaande werkzaamheden
b.v.:

- Koffieschenken in het restaurant voor de bewoners
- Serveren van maaltijden in het restaurant van 11.30 - ± 13.30 uur
- Rondbrengen warme maaltijden
- Assisteren met creatieve middagen etc.

Is dit vrijwilligerswerk iets voor u, dan horen wij dat graag. Voor meer informatie kunt u terecht bij Riemke Grunstra teamleidster zorg/welzijn of Anneke Posthuma teamleidster facilitair. Telefoon: 0515 -571900.

Nijs fan Muzyk feriening Eensgezindheid

De koeke is hast op. Jo sille wol tinke is it wer safier bij it korps??? Jawis en dat is fijn want we groeie en ynfestearje altyd wer ien minsken en materiaal mar gelokkich stiet it doarp altyd efter ús en derom hâlde we sneon 23 oktober in koeke aksje, dus fan herte oan befilen.

Mar we dogge mear as koeke ferkeapje. Sa geane we sneon 30 oktober nei it federaasje festival ien Parregea wer we fansels ek mei dwaan sille en der oefenje we al drok foar. En op 18 desimber hâlde we in konsert ien eigen hûs It Waltahus, mar der hearre jim tsjin die tiid wol mear fan. Oant sa fier even koart it nijs fan Eensgezindheid.

Dorpsbelang Tjerkwerd

Afgelopen tijd alweer veel nieuwe ontwikkelingen in het dorp:

Het heeft even geduurd maar de haven is eindelijk op diepte.
Nu is er plek voor meer boten. We hopen dat de havencommissie snel weer tot leven wordt geroepen zodat er alleen plek is voor pleziervaartuigen!

Geweldige prestaties van Thomas van Zuiden op de PC en van Peter van Zuiden op de Freule. Zij hebben zeker Tjerkwerd positief op de kaart gezet. Ook is Tjerkwerd een brede school rijker. Een super aanwinst voor het dorp. De opening was een echte happening. Daarop volgend nog kunstrijk Tjerkwerd. Wat een zeer geslaagd initiatief was. Kortom Tjerkwerd leeft!

De Hemdijk is opgelapt hier en daar en dat mag ook wel, want we zullen de aankomende maanden ook meer gebruik moeten maken van de Hemdijk. We hopen dat het aanpakken van de Waltaweg voorspoedig zal verlopen, maar we zullen er sowieso allemaal overlast van ondervinden.

De aanleg van de fietstunnel is in volle gang en de kruising bij Rystjeterp en fietsbrug zijn gerealiseerd.

De bouwvergunning voor keet is goedgekeurd en heeft nu dus een definitieve status we mogen hem nu dus opknappen.

Verder is dorpsbelang bezig met plannen om het verharden speeltuin te realiseren, en uitbreiding van het parkeerterrein bij school. De jaarvergadering zal plaatsvinden op vrijdag 26 November 2010 om 20.00 uur.

Tot slot nog even dit: het lijkt zo langzamerhand weer de normaalste zaak van de wereld om met honden over het sportveld te lopen. Vanaf het begin staat met borden aangegeven dat het sportveld verboden terrein is voor honden! Het is een speelterrein en kinderen moeten er zonder bij na te denken ongestoord, en zonder dat zij in aanraking komen met hondenpoep, kunnen spelen. Er zijn genoeg alternatieven om met uw hond te lopen. Graag hier weer opletten! Ook het parkje houden we graag poep (en onkruid) vrij. De bewoners van Sylroede en Dyksicht hebben veel werk verzet op burendag en het parkje is weer een wandeling waard! Maar pas op struikel voorzichtig.

Dorpsbelang Tjerkwerd: Rob Dijkstra, Robert Tiesma, Bouwe Speerstra, Theo Galema, Astrid de Boer, Hedwich Terpstra en Elma Draaisma.

Jaarvergadering Dorpsbelang Tjerkwerd
26 november om 20.00 uur
in het Waltahuis.

Stichting Windkracht 10 Wynpark Beabuorren BV

Het einde van het jaar 2010 nadert weer snel. Dus ook de vergadering van Dorpsbelang voor dit jaar. Ook nu willen wij gaarne weer een bedrag kunnen uitkeren aan de diverse gegadigden. De aanvragen hiervoor verwachten wij uiterlijk 17 november 2010 bij onze voorzitter, Jehannes Dijkstra, van Panhuysweg 2, Tjerkwerd.

De schitterende Kunstrijk Tjerkwerd expositie in de kerk te Tjerkwerd hebben wij ook kunnen sponseren. Onze grote waardering voor het werk van de organisatoren voor dit bijzondere project is zeker op zijn plaats.

Voor de goede orde melden wij u nog, dat de aanvragen van vorige jaren, welke niet werden gehonoreerd, niet automatisch weer mee doen. Alleen nieuw ingediende verzoeken doen mee.

Tijdens de komende jaarvergadering van dorpsbelang zullen wij weer de gehonoreerde aanvragen bekend maken.

Namens het bestuur Stichting Windkracht 10
Jos Falkena

Opening de Reinbôge 2 september 2010

Dorpsfeest 2010

Sjoch hier dêr no sleen

OPEN
MONUMENT
← +
KUNSTRIJK
TJERKWERD

Burendag Sylroede/Dyksicht Tjerkwerd
25 september 2010
"PIMP ONS PARKJE"

OER DE HEGERE KEUNST EN BODZJEN OP SWIERE GRÛN

Hylke Speerstra
op 'e tekst oer
it âlde Tsjerkwert

De keunstkommisje fan Kunstrijk Tjerkwerd hie âld-Tsjerkwerter Hylke Speerstra útnoege om de eksposysje yn de St. Petrustsjerke te iepenjen mei in taspraak dy't gean soe oer keunst yn Tsjerkwert yn earder tiden.
Wy binne bliid dat wy syn tekst hjir opnimme meie. Mei help fan Feike Mulder ha wy der wat âld fotomateriaal by socht om it gehiel te illustrearjen.

As âld-Tsjerkwerter is it my in ear dit ynisjatyf mei in ferhaaltsje oan te rikkemandearjen. Want der giet neat boppe de keunst, of it moat al de tsjerke wêze. Yn dit gefal in doarpstsjerke, dy't op himsels al sa'n nijsgjirrich produkt is fan byldzjende en arsjitektoanyske keunst. In bouwurk, dat it om mear as ien reden fertsjinnet yn goede steat bewarre te bliuwen.

Ik ha wilens sjoen wat der oan keunst útstald is. Lit ús hoopje dat wy net nochris in byldestoarm kribje…. Mei wat der fan 'e wike gearbrocht is, wurdt it bewiis levere dat der yn sa'n lytse mienskip mear talint tahâldt as wat men yn jins stoutste dreamen dreame kind hie. Sa giet it my alteast.

It is it hân- en gefoelswurk fan stille, faak ferburgen artistyk bejêftige doarpsgenoaten. Wurk, ûntsprute oan dy wûnderlike driuw om je 'oars' te uterjen, je oer te jaan oan de ferbylding, of om jins útsûnderlike ambachtlikheid ta keunst te ferheffen

Hat it der mei de 'getalenteerdheid' yn de rin fan de jierren dan minder florissant yn Tsjerkwert foarstien? Bestiene eartiids, op dizze taaie grûn en yn de libbenssfear fan it faaks wat swiermoedige geloofslibben, ditsoarte artistike en heech-ambachtlike uteringen dan net?

